

Tekst 1 Emansipaasje is net foar bange minsken

- 1p 1 Wat is de funksje fan alinea 1?
A It is in anekdoate.
B It is in gearfetting.
C It is in oanlieding.
D It is in probleemstelling.
- 1p 2 Wêrom past neffens Tielman syn argyf goed by Tresoar? Helje dyn antwurd út alinea 1.
Brûk net mear as 15 wurden.
- 1p 3 “Men is as mienskip like sterk as de swakste skeakel.” (r. 39-40)
Wat is de swakste skeakel foar Tielman?
- 1p 4 Wat is it ferbân tusken “Wat moat dát dêr!” (r. 66) en “Ik wie in ding wurden” (r. 66-67)?
A It is in foarweardlik ferbân.
B It is in oarsaaklik/redenjouwend ferbân.
C It is in opsomjend ferbân.
D It is in tsjinstellend ferbân.
- 2p 5 “Ik waard opskipe mei wat ik fuortstopje moast.” (r. 75-76)
Sitearje twa losse wurden dy’t de ‘homokultuer’ beskriuwe yn de tiid dat Tielman him dêr foar it earst yn bejoech. Helje de wurden út alinea 5.
- 1p 6 “Ik hie ek alhiel gjin identifikaasjemooglikheden.” (r. 96-98)
Wat is foar Tielman de oarsaak fan it ûntbrekken fan identifikaasjemooglikheden as homo? Helje dyn antwurd út alinea 5.
- 1p 7 “dat it COC fernije moast, mar sûnder dat it ta in brek liede soe tusken de âlde en de nije leden.” (r. 123-125)
Wêrom soe fernijing ta in brek tusken nije en âlde leden fan it COC liede kinne?
- 2p 8 “demokrasy is net foar bange minsken en emansipaasje alhiel net.” (r. 138-140)
Neam twa redenen wêrom’t demokrasy en emansipaasje neat foar bange minsken binne? Helje dyn antwurd út alinea 5.
- 2p 9 Neam de wichtichste oerienkomst tusken de homobeweging en de Fryske beweging. Helje dyn antwurd út alinea 6.
- 2p 10 Wêrom soe neffens Tielman it wurd ‘homo’ in negative byklank krije troch it brûken fan de term ‘homohoulik’ (r. 192-195)?

- 1p 11 Op hokker manier slute de earste twa sinnen fan alinea 7 oan op de lêste sin fan alinea 6?
- A Aktuele feiten wurde ferbûn oan de stelling.
 - B By de stelling wurde konklúzjes jûn.
 - C De stelling wurdt neier ferklearre.
 - D In oare miening wurdt taheakke oan de stelling.
- 2p 12 “It wurdt allinnich net beneamd.” (r. 207-208)
Hokker oerienkomst wurdt tusken it net-beneamen fan homoseksualiteit en it ûntbrekken fan in eigen skriuwtaal suggerearre? Basearje it antwurd op alinea 7.
- 1p 13 “Yn Marokko fleane de Berbers dêrom ûnder de radar troch.” (r. 223-225)
Hokker stylfiguer wurdt hjir brûkt?
- A It is in hyperboal.
 - B It is in metafoar.
 - C It is in personifikaasje.
 - D It is irony.
- 2p 14 Hokker twa aspekten sitte fêst oan it feit dat de homo-emansipaasje noait ôf is? Ferbyn dyn antwurd ek mei de lêste sin (r. 259-260).
- 1p 15 Wat is it doel fan Tielman?
- A ferdivedearje en ynformearje
 - B ynformearje en oertsjûgje
 - C oertinke en oertsjûgje
 - D oertsjûgje en oantrune

Tekst 2 Theun de Vries en de myte fan de Fryske Wâlden

- 1p 16 Wat is de funksje fan alinea 1?
- A It is in anekdoate.
 - B It is in gearfetting.
 - C It is in oanlieding.
 - D It is in probleemstelling.
- 1p 17 Sitearje in part fan in sin út alinea 1 dy't oanjout wat bedoeld wurdt mei 'it ferhaal fan bylden' (r. 13).

Eindexamen vwo Fries 2013-I

havovwo.nl

- 1p 18 Wat foar stylfiguer brûkt Huisman yn de rigels 17-23?
- A It is in hyperboal.
 - B It is in paradoks.
 - C It is in personifikaasje.
 - D It is irony.

“Hy komt fan Feanwâlden. Dat seit eins al genôch” (r. 25-26)

- 1p 19 Wat foar soarte fan argumint brûkt Huisman hjir?
- A It is in autoriteitsargumint.
 - B It is in drôchreden brûkt as argumint.
 - C It is in emosjoneel argumint.
 - D It is in feitlik argumint.

- 1p 20 Wêrtroch hat Theun de Vries mei *Stiefmoeder Aarde* neffens Huisman bydroegen oan de myte fan de Fryske Wâlden (r. 63-66)? Helje dyn antwurd út alinea 5.

- 2p 21 Wêrom ferbynt Huisman de útstalling oer Domela Nieuwenhuis mei *Stiefmoeder Aarde* (alinea 5)?

Huisman uteret him nochal posityf oer Domela Nieuwenhuis. Dochs praat er yn de earste sin fan alinea 7 fan in ‘wat pynlik’ faset en fan in ‘skuldgefoel’.

- 2p 22 Lis út wat syn dilemma is.

- 1p 23 Watfoar ferbân kinst weromfine yn “Tusken dy ... appèl ferbea.” (r. 117-127)?
- A It is in foarwaardlik ferbân.
 - B It is in opsomjend ferbân.
 - C It is in tsjinstellend ferbân.
 - D It is in útlizzend ferbân.

“Der sitte dingen yn dy’t der yn 1890 net wienen, lykas de tsjerketoer fan Lúkswâld (dy is al yn de midsieuwen ferdwûn) en de skoalle fan de Ulesprong, dy’t der pas kaam yn 1903, en der sitte ek anagronismen yn.” (r. 140-146)

- 2p 24 Wat is nuver oan dizze sin?

“Mar ik wol mei ien foarbyld oantoane dat sok útplúzjen wol deeglik syn nut foar minsken fan no hawwe kin.” (r. 169-172)

- 1p 25 Fan hokker drôchreden is hjir sprake?
- A It is in ferkearde fergeliking.
 - B It is in ferkearde oarsaak-gefolchrelaasje.
 - C It is in sirkelredenearring.
 - D It is in te hastige generalisaasje.

- “Ik haw se doe dúdlik makke dat Fonger de Vos in optochte romanfiguer wie en wiswier net Wiebe Hankel.” (r. 214-217)
- 1p 26 Wêrom moast er dat harren dúdlik meitsje?
- 3p 27 Jou fjouwer foarbylden dêr't Huisman syn persoanlik oardiel oer *Stiefmoeder Aarde* yn gefoelsmjittige kwalifikaasjes jout. Helje de antwurden út de alinea's 5 oant en mei 9.
- 2p 28 Op hokker wize draacht *Stiefmoeder Aarde* neffens Huisman by ta de mytefoarming oer de Wâlden? Helje dyn antwurd út alinea 11.
- 1p 29 Wat is it doel fan Huisman syn lêzing?
- A ferdivedearje
 - B ynformearje
 - C oantrune
 - D oertsjûgje

Fraach by tekst 1 en tekst 2

- 1p 30 Hokker konklúzje kin lutsen wurde wannear't men de fyzje fan Tielman (tekst 1) mei de fyzje fan Huisman (tekst 2) oer identiteit ferliket?
- A Identiteit kin neffens Tielman op in hiel iepen wize ynterpretearre wurde; neffens Huisman kin dat net.
 - B Identiteit kin sawol by Tielman as by Huisman op in hiel iepen wize ynterpretearre wurde.
 - C Identiteit leit sawol by Tielman as by Huisman fêst as men ien kear in bepaalde kar dien hat.
 - D Identiteit moat sawol by Tielman as by Huisman hieltyd op 'e nij fêststeld wurde.